

Frysk histoarysk ferskaat

Colofon

ISBN: 978 94 6365 853 9

1e printinge 2026

© 2026, Philippus Breuker

Utjouwerij Elikser

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert

www.elikser.nl

Printwurk: CSL digitaal B.V.

Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra

Estrikken/Ålstråke 115

Teksten en stúdzjes op it mêd fan de Fryske taal- en skriftkennise, foar it Frysk Ynstitút útjûn fan 'e Stifting Freonen Frysk Ynstitút RyksUniversiteit Grins
Takste än unersäkinge awt fälj foon e Frasch spräke- än literatuurwaasenschap,
ütdänj foont Feek Frasch Filologi foon e Christian-Albrecht-Universität önj Kil

Grins/Groningen

Frysk Ynstitút RUG / Stifting FFYRUG

Rijksuniversiteit Groningen

Kil/Kiel

Institut für Skandinavistik, Frisistik und Allgemeine Sprachwissenschaft
– Frisistik –

Utjeft fan dit boek waard mei mooglik makke troch de provinsje Fryslân

provinsje fryslân
provincie fryslân 

Niets uit deze uitgave mag worden verveelvoudigd, opgeslagen in een geautomatiseerd gegevensbestand en/of openbaar gemaakt door middel van druk, fotokopie, microfilm of op wat voor wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van de auteur en de uitgeverij.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

Frysk histoarysk ferskaat

Philippus Breuker



Wurd foarôf

Fan 1977 oant 1991 ha ik as ‘Fynsten en fragen’ alle fearnsjierren twa of trije stikjes publisearre oer Fryske ûnderwerpen yn Ut de smidte, it meidielingemblêd fan de Fryske Akademy. It doel wie om mei argyffynsten fragen yn resint ûndersyk oer skiednis, taal en letterkunde fan Fryslân op te lossen. Soms wienen it lykwols ek wol bydragen oer ûnderwerpen dêr’t net earder oer publisearre wie. Se beslane de sân iuwen tusken 1250 en 1950.

Ut de smidte is net in blêd dêr’t men dy stikjes maklik yn werom fine sil. Yn dit boek ha ik dêrom de measten nochris útjûn, hieltyd oanpast oan de stân fan it ûndersyk op dit stuit. Guodden liken my net mear fan belang of wienen my te spekulatyf, dat dy ha ik weilitten. Dêr stiet foaroer, dat ik ek inkele selde soarte stikjes werútjûn ha, dy’t earne oars ferskynd binne, en der ek in oantal nije by makke ha.

Boazum, juny 2025

Frije Friezen: wa wienen dat? (n.o.f. for(n)del)

Foarsafier't ik wit, is der gjin dúdlikheid oer de fraach foar wa't de âldfryske rjochtsteksten skreaun binne. Der wurdt wol tocht of fan út gongen dat se foar alle Friezen bedoeld wienen. De ûndúdlikheid hinget gear mei de fraach wa't dêr bedoeld wurde mei 'frije Friezen'. Oebele Vries murk koartlyn earne op dat dat belangrike begryp oant no ta net grûnlizzend ûndersocht wie.¹

Sa'n grûnlizzend ûndersyk ha ik yn 1984 ek net dien, mar ik skreau doe al, dat dy fraach him opdocht, as men yn de fyfte fan de Oerkerren lêst dat de bern fan ien dy't mei syn tsjinstfaam 'trout' gjin rjochten hawwe, likemin as de mem. Dat is ek it gefal as it giet om it wurd for(n)del (foardiel) dat sa't skynt allinnich oerlevere is yn westerlauwerske boarnen.² W.J. Buma set it oer mei 'Wohnstatt', 'Haus', ek mei 'Vorhaus'.³ Yn JXIII.5 hjit it 'dat di scelta gaen schel ti dae fordeele, aldeer dat huys biletzen is'. De oersetting 'dass der skelta nach der Wohnung, wo dat Haus geschlossen ist, gehen soll'⁴ befrediget jin net. It giet hjir ommers blykber om in rommer begryp as it gebou allinnich, al bliuwt it likegoed in plakoantsjutting.

No komt it wurd yn testaminten yn de Oarkonden meast foar yn de betsjutting fan prelegaat. Ien kear sels slacht it op in bêd,⁵ mar faak is it dochs ferbûn mei wat Theissen de 'kernbezitting' fan in adellike famylje neamt.⁶ Sa kin ik it ek foar Waltastate te

1 O. Vries, Die mittelalterliche friesische Standesbezeichnung *etheling*: Adliger oder Freier? yn R.H. Bremmer jr. e.o. (red.), *Amsterdamer Beiträge zur älteren Germanistik* 84 (2024) 444.

2 R, J, U, Snitser resesboeken en Oarkonden; mei tank oan Oebele Vries foar syn opjeffe fan fynplakken. It plak út Unia, dat parallel rint mei J33, ha ik út in kolleezjediktaat fan prof. dr. W.J. Buma.

3 W.J. Buma, W. Ebel en M. Tragter-Schubert (eds.), *Westerlauwerssches Recht I: Jus municipale Frisonum* (1977) I 199.

4 Oanhelle wurk 210, 211.

5 OFO I 398.

6 J.S. Theissen, *Centraal gezag en Friesche Vrijheid. Friesland onder Karel V* (1907) 296.

Boazum.⁷ Dy betsjutting soe ek goed passe yn de wetsteksten, mar dat soe dan dus ynhâlde dat dy jilde foar privilegearre lju op hearlikheden. Soenen dat dan de frije Friezen west hawwe en wienen de oaren rjochteleas?⁸

Doelen yn greidlân

Yn earder tiden, doe't der noch net safolle sleatten wienen, waarden perseelskiedingen wol mei pealtsjes oanjûn.⁹ Ik ha wolris tocht dat it sa'n pealtsje wie, dat Salverda as mêst fan in fergongen skip beskreaun hat yn syn gedicht 'Okke hel'. Dy 'Okke hel' lei op de Peinjumer mieden, earder in fjild dat mienskiplik brûkt waard. Ek balstiennen en blynfuorgen skaten yn sokke fjilden de eigendommen wol fan elkoar ôf.¹⁰

By myn witten is de iennichste dy't wat oer sokke pealtsjes fêstlein hat, Obe Postma. It moat yn 1923 west hawwe dat er op Fokkenoord¹¹ ûnder Gaast yn in stik lân fan sa'n santjin pûnsmiet¹² foar de daam oer sa'n pealtsje fan 2 dm. stean seach. Thúskommen slagge it him net sûnder muoite om it te plak te bringen by A of B op bygeande tekening. Dy is neffens syn skets yn oantekenskrift Friesland 12 makke. De beide punten A en B wienen midden yn 'e greide hoeken fan eigendomsskiedingen. Der sil earder noch wol in pealtsje west hawwe. 'Er was geen sloot in de nabijheid. Dus minstens tot C toe was onverdeeld'. Dat stik hienen fjouwer eigeners lân yn.

7 Ferlykje OFO IV 243.3.

8 Earder publisearre as: Frije Friezen: wa wienen dat? (n.o.f. for(n)del), *Ut de smidte* 18 (1984) 2: 18.


9 Earder fierhinne gelyk publisearre as: Doelen yn greidlân, *Ut de smidte* 19 (1985) 2: 15.

10 Ph.H. Breuker, *Het landschap van de Friese klei, 800-1800* (2017) 39.

11 It gebiet stekt as in skiereilân út yn de Parregeastermar. Op de kaart fan Wûnseradiel yn de atlas fan Eekhoff hjit it gebiet Fokkema oord. It stik dat Postma tekene, is dêr in part fan en hiel herkenber op dy kaart. De kaart is fan 1854.

12 Kadastrale nûmers 429-432.

Op de skets fan Postma is in part fan it lân ûnferdield en in oar part (dat tusken rjochte grinzen) al ferdield. Ea sil hiel Fokkenoard ûnferdield west hawwe. Op in bepaald stuit moatte guon eigeneren har oanpart net langer om de safolle jier mear wikselje wollen hawwe. Sjoch oer dat proses fan ûntbining myn stik ‘De Warren te Harich. De sitewaasje yn 1695 ferlike mei dy yn it Alde Skeltarjocht¹³’.



In part fan Fokkenoard mei ferdieling fan eigeneren yn 1923; pealtsjes stienen by A en B. 1.Skoalle fan Gaast. 2.Ger. tsjerke c.s. Gaast. 3.Ger. tsjerke c.s. Gaast. 4.Ger. tsjerke Ferwâlde. 5.Diakony Makkum. 6.Jelmer J. van der Ley. 7.Roomske earmf. Gaast.

It pealtsje sil der no al wol lang net mear wêze en ik tink hast, dat yn hiel Fryslân net ien mear is.

13 *De vrije Fries* 105 (2025) 118-126.

De nammen keizersroede en keningsroede

Yn it Frysk Museum wurdt in izeren roede út 1564 bewarre, dêr't J.A. Faber de skiednis fan beskreaun hat. Hy fûn de namme keningsroede foar it earst yn 1600; earder – yn 1526/27 – hiet er Ljouwerter roede.¹⁴ Hoe't dat krekt sit, wurdt dúdlik út de tsjûgeferklearringen fan trije lânmjitters út 1595.¹⁵

De âldste fan har, Cornelis Aedgersz. (van Engehuis), dy't 75 wie, sei: 'wel gesien te hebben dat d olde Leeuwardardeels roede heeft gestaen in d muijr geslaegen in de Saecklema-stins op het hoeckhuijs van die groete ende cleijne Kerckstraet binnen Leeuwarden, diewelcke voorsz. roede hij deposant daeraff heeft genoemen ende heeft daarmede gemeeten in Leeuwardardeel ende andere plaetzen; hebbende hij deposant wel gehoert, dat ouermits die voorsz. roede een middelmaetich roede was, dat d Keijser Caerl daarmede het Bildt heeft laeten meeten in t jaer van elliffuen, ende dat die voorsz. roede duerdijen d Keijzers roed is genoempt; niet wetende hij deposant, dat in Leeuwardardeel een ander roede is geweest; dan verclaert hij deposant, dat met d voorsz. Leeuwardardeels ofte Keijzers roede altijd in Leeuwardardeel is gemeeten, zoe hij deposant ses ende veertich jaer d geometrije heeft geuseert'.

Hy brûkt dus allinnich de namme keizersroede, mar syn jongere kollega's fan 50 en 60 jier hawwe it oer de 'Keijzers ofte Coenincks' roede. Fêst is de namme nei de opfolging fan keizer Karel V troch kening Philips II stadichoan feroare. Dy opfolging wie yn 1555.

Oft de Ljouwerter roede deselde as de keningsroede wie, is noch de fraach. Ien fan de beide oare lânmjitters ferklearre ommers: 'ouermits dat d landen, in Leeuwardardeel geleege, gemeenlijcks ondermeeten, vermoet hij deposant, dat er eertijts

14 J.A. Faber, Koningsroede en pondemaat, *It Beaken* 27 (1965) 107-114.

15 W. Eekhoff (ed.), *Oorkonden der geschiedenis van het Sint Anthonij-gasthuis* II (1876) 972 e.f.

een ander roede aldaer is geweest'. Yn plakken as Easterlittens¹⁶ en Dronryp¹⁷ hongen trije ûngelikense roeden oan de (noardlike) tsjerkemuorre. It kin wêze dat se fan likefolle buorskippen ûnder dy doarpen wienen. Sa waard yn 1569 Tyessemasate te Easterlittens metten 'by den Scrinsera ende groote mate'.¹⁸ Skrins is in buorskip ûnder Littens. Ek sil de ûngelikense kwaliteit fan de grûn meispile hawwe: hoe better grûn, hoe lytser mjitte. Ek by Skrins leit hiel wat leech lân.¹⁹ Yn Boazum wie der ferskil tusken âld- en nijlân en ek dêr bestienen mear roeden neist elkoar.²⁰

Lânroeden

Nei oanlieding fan it foarige stikje, krige ik fan Jan Post fan de Houtgehage it stikje 'Al of net yn keningsroeden (De Rottefalle 1618)' Hy skriuwt²¹: 'Oan de roede dy't ús heit thús op de pleats hie siet in hantfet. Fierder wie er yn fjouwer gelikense stikken yndield fan in meter. Ik wie doe lyts en fûn it in frjemd hantfet, mar no nei safolle jierren is my dúdlik wurden dat it ek alhiel gjin hantfet wie, dat eintsje fan krapoan tsien sintimeter. Dy grenen latte hat in feanroede of in fjirtjinfoetsroede west fan 4,095 meter, de foet 29,25 sm.

Hjoeddedei kin ik yn it fjild noch twa perselen lân dat earder fean wie, neirekkenje mei de fjirtjinfoet. It giet om de Hillema fjirtich roeden en de Smelle Iester fjirtich roeden ûnder de Rottefalle. By it útmjitten fan de Hillema 40 roeden yn 1618 wie útdruklik steld dat soks barre soe yn keningsroeden.²² Efkes

16 R. Steensma, *Het klooster Thabor* (1970) 291.

17 Quaeclap 1571-1574 op 1573, Tresoar.

18 *Genealogysk Jierboek* 1984, 28.

19 Earder fierhinne gelyk publisearre as: De nammen keizersroede en keningsroede, *Ut de smidte* 17 (1983) 1: 2.

20 Philippus Breuker, Oanfollings op *Toponymy fan Boazum, Fryske Nammen III* (1981) 95-96.

21 *Ut de smidte* 17 (1983) 2: 12.

22 EVC 1297, Tresoar.

rekkenje: 40 roeden Rynlânsk (à 3,77) = 140 mtr. en 80 sm. 40 keningsroeden (à 3,91) = 156 mtr. en 40 sm. 40 roeden 14-foets (à 4,095) = 168 mtr. (en 0 sm.). Krapoan santjin millimeter op in kaart 1 op 10.000 is yn de 14 foets- of Grinzer feanroede 40 roeden. Dus 168 meter. Ek de Smelle Iester feanen is it sa by. De oerbliuwende Folger Feanen kloppet de maat 4,095 ek foar.

Dêrom is it de fraach oft der yn 1618 wol mei de keningsroede metten is. Wol waarden soms twa maten brûkt: ynkeap yn fjirtjinfoetsroede, ferkeap (it leafst) yn Rynlânske roeden. Yn alle gefallen is it saak om op plakken yn it fjild, dêr't de maat fan bekend is, nei te gean hoe grut oft de roede eins wie'.

Ik liet op syn stikje fuort ien folgje:

'Doe't Post my fertelde dat se oant foar seis jier, doe't de pleats opbaarnde, by har thús de houten roede hienen dêr't er oer skriuwt, hearde ik der al fan op. Ien sjoen hie ik noch nea. Nêst in jier of sân hearde ik fan in âld-boer út Boazum dat der earder op syn spul ien wie, dy't by it greppeljen brûkt waard, mar neifraach wiisde út dat syn opfolger de 'panlatte' opbaarnd hie. Ut de literatuer fan de lêste tiid is my eins allinnich ien út Menaam bekend, dêr't K.J. van den Akker yn *Swanneblommen* 1919 oer skriuwt.²³ Al yn syn lêzing foar it Frysk Genoatskip yn it winterskoft fan 1903 op 1904 sei T.J. de Boer, doe't er it hie oer roeden dy't earder oan tsjerkemuorren²⁴ hongen: 'Mocht, wat mij niet bekend is, nog ergens in Friesland zulk een maat bestaan, dan ware het voor ons onderwerp van het hoogste belang daarvan de grootte op te nemen' '.²⁵

Op dat stikje kaam ûnder de titel 'Lânroeden, socht en beskreaun' in lange en ynformative reaksje fan G. Sikkema fan Gysjerk²⁶.

'Yn it nûmer fan 8 augustus 1983 fan de Kollumerkrante hat ûnder de titel 'Binne der noch wol lânroeden' neikommend stikje

23 O.w. s. 19.

24 Underwilens binne trije wer oan de tsjerke yn Easterlittens oanbrocht.

25 T.J. de Boer, *Historische Avonden* 2 (1907) 97.

26 *Ut de smidte* 17 (1983) 4: 16-17.

fan my stien. ‘Yn *Ut de smidte*, in blêd fan de Fryske Akademy, freget drs. Ph. Breuker him ôf oft der noch wol roeden binne, soks nei oanlieding fan in artikeltsje fan Post fan Houtigehage yn itselde blêd oer it mjitten mei roeden. Breuker hat it op in pypfol, mar it koe wolris wat tafalle, want ik ha yn’e Dokkumer Wâlden noch twa besjen kinnen en it soe al sterk wêze dat dit de iennichsten wêze soenen.

It binne beide 14-foetsroeden fan 4.13 en 4.14 meter lang. Mar neist dizze 14-foetsroeden moatte der ek noch 13-foets- en 12-foetsroeden west ha. De 13-foets kaam yn Wâlterswâld foar, de 12-foets op de klaai en neffens myn pake, in Driezumer fan komôf, ek yn Driezum. De 14-foets dy’t ik sjoen ha, kamen út Damwâld en Ikkerwâld. Oarspronklik sille se brûkt wêze om lân mei op te mjitten. Yn ‘e Wâlden waard yn ‘e sûkereitiid de roede foaral brûkt om it oannaam wurk mei op te mjitten, lykas it hakjen fan de bou en it sûkereidollen. Dit wurk waard net oannaam by de roede mar by ‘t lepsen, nei ‘t skynt in tige pleatslike oerflaktemjitte, dy’t ek noch wiksele mei it doarp. Yn Ikkerwâld, Moarmwâld en Damwâld giene der 18 lepsen yn in pûnsmiet; yn Wâlterswâld en Driezum lykwols 20 lepsen. De âldere minsken dêr’t ik mei praat ha, hiene allegear wol weet fan dizze mjitten, mar gjinien koe my mei wissichheid sizze hoefolle kante roeden der yn in lepsen gienen. Mar dat moatte fêst wol 12 west ha, sa’t út wat gesifer wol bliken docht.

Dat jildt sawol foar de 13-foets as foar de 14-foets; wy geane der dêrby fan út dat de 13-foetsroede, likegoed as de 12-foets likernôch 3.90 m. lang wie, resp. 13 x 30 en 12 x 32.5 sintimeter. De offisjele mjitte is 3.91 m. By de 14-foetsroede is in foet 29.5 sintimeter en de roede sels dus 14 x 29.5 sm = 4.13 meter. De lêzer dy’t syn nocht hat fan dit gesifer, kin wol in eintsje oerslaan, foar de oaren geane wy noch efkes troch.

Yn it tsjinwurdige Damwâld dus wie: in kante roede 4.13 x 4.13 = 17.05 m², in lepsen 12 x 17.05 = 204.68 m² en 18 lepsen 18 x 204.68 = 3684.00 m², dat is dus 1 pûnsmiet. Yn Wâlterswâld en

Driezum: in kante roede $3.01 \times 3.01 = 15.29 \text{ m}^2$, in lepsen $12 \times 15.29 = 183.46 \text{ m}^2$ en 20 lepsen $20 \times 183.46 = 3669.00 \text{ m}^2$, dus ek wer 1 pûnsmiet.²⁷ Op 'e klaai hiene se gjin weet fan lepsen, en waard allinnich mei roeden rekkene, dus $240 \times 15.29 = 3669.00 \text{ m}^2$ (in pûnsmiet).



De roede by de Sikkema's yn Damwâld is in latte fan $3 \times 5 \text{ sm.}$, donkerblau ferve, mei in ferdieling yn fuotten en heale fuotten. By de hiele foet rint in wytferve V-groefke dwars oer de latte en is mei in sifer oanjûn wat foet it is. De healfuotten binne mei in healtrochrinnend V-groefke oanjûn. Op de ein steane de letters F.M.W., dat wol sizze Foeke Martens Wiegersma, de eardere eigener.²⁸ Wiegersma hat boer west oan 'e Doniawei rjocht foar de Hoeksterloane oer; syn pleats is ôfbaarnd yn 1915, mar doe rinteniere Wiegersma al inkelde jierren. Hjirút is ôf te lieden, dat de roede wol sawat 100 jier lyn makke is.

De roede fan de Sikkema's te Damwâld.

De twadde roede út Ikkerwâld is ôfkomstich fan Hessel Wiegers Sikkema, sa't de tsjinwurdige eigner fertelde.²⁹ De roede bestiet út twa stikken mei op 'e helte in skarnier, kin dus dûbelteard wurde. It is in ikehouten latte fan $2 \times 3 \text{ sm.}$, brún beits, en de ferdieling is oanjûn mei seachseneden. De healfuotten binne net oanjûn, allinnich by de einichste

27 De útkomsten fan dizze berekking kloppe mei âldere opjeften fan lepsens yn it *Woordenboek der Friese taal* (WFT).

28 Wiegersma libbe neffens Alle Friezen fan 1852 oant 1932 en wie boer yn Damwâld.

29 Dizze Sikkema libbe fan 1869 oant 1954.

foet wol. Oan it begjin lykwols is de roede ferdield yn hânbreiden (palmen), teminsten dy betsjutting soe ik deroan jaan wolle. De earste trije fuotten binne yn trijen ferdield en yn de fjirde foet stiet ek noch sa'n eintsje, dus meiïnoar $10 \times 1/3$ foet. Sa'n hânree no is 4 fingers (tûmen) breed. In foet hat dus $3 \times 4 = 12$ tûmen.

As jo dan noch efkes trochtinke, dan komt jin de âlde mjitte jellen yn 't sin; dy moat sawat sân fan dy eintsjes west ha en sjoch ris $7 \times (29.5: 3) = 68.8$ sentimeter en dat is op 'e kop ôf 6 jellen. Soe de 14-foets dan doch de âldste wêze?

Wy ha de roede wol besjoen, liket my sa ta. It sil de lêzer ek opfallen wêze dat de roede opboud liket te wezen út lichemsdielen: tûme; hânree (palm) = 4 tûmen; foet = 3 hânree; jellen = (earmlinge) = 7 hânree, en dan soene jo de fiem (=1.70 m) noch neame kinne, dy is $2 \frac{1}{2}$ jellen en is de mjitte tusken de fingerseinen as jo de earms spriede, mar dy kin ik net mei de roede yn ferbân bringe.

Boppesteande is ek mei skreaun om wat reaksjes los te krijen fan de lêzers, lykas: wa wit noch roeden, wat roeden waarden der brûkt, wêrta brûkten se dy, ensafuorthinne. In âld man fan yn 'e njoggentich, ik miende ôfkomstich út Hantum, fertelde my, dat er as jonkje wol ris in eintsje topperstou kocht hie en dat de winkelman dat efkes ûnder de earm meat (in jellen). Soksoarte dingen soenen wy graach witte wolle. Wy wachtsje ôf.

Sikkema liet dêrop folgje: 'Der binne yndied wat reaksjes op kaam. Sa haw ik yn Wâlterswâld noch in 13-foetsroede besjen en neimjitte kinnen. It wie in heale latte fan 3×5 sm., mei seachseden yn 13 parten ferdield en 3.91 m. lang. No soene jo tinke kinne, dat hat noch in hiele opjefte west om 13 stikjes fan $30 \frac{1}{13}$ sm. út te setten; mar dat hie de timmerman oars dien; 30 parten fan 30 sm. en ien fan 31 sm., dat makket ek krekt 3.91 m. Us timmerman hie earder ek al it sechje: 'Sa mar, it is op 't lêst ek mar foar in oar'.

Mear roeden ha' k net besjen kinnen, of alteast net besjoen, want der binne noch wol mear. Yn it stedhûs fan Ljouwert stiet

de stielen standertroede fan 3.912 m., dy't earder op it Frysk Museum wie. Dat is de saneamde keningsroede; ferdield yn 12 stikken, in hiele moaienien. De keningsfoet is dus 0.326 m. A.K. Mulder fan Makkingea skreau dat er noch in roede hie fan 3.865 m. út in feanbedriuw út Tsjalbert. Dizze roede wie yn 12 parten ferdield mei help fan koperen kopspikerkes (nontsjes); de foet moat hjirby út komme op 3.865: 12 = 32.22 sm. Om de trije foet waard der in spikerke mear yn slein, 2 ynstee fan 1.

De hear Mulder freget hoe't it komt dat dizze roede en dêrmei de foet ôfwykt fan de keningsroede. Dêr is net maklik in antwurd op te jaan. It is wol sa, dat in soad feanroeden fan de standert ôfwike, sa ek de dyksroeden, slattersroeden ensfh. Yn 't fean waard net rekkene mei pûnsmieten of dielen dêrfan, mar mei deiwurken turf of baalder. Dat wie dan wat yn in dei makke wurde koe. Soks waard opmetten mei de roede, it krekte wyt ik dêr ek net fan. Roeden dy't der ticht by komme: De Gordyk 3.855, Hurdegaryp 3.875, De Lemmer 3.852, Eastermar 3.875. Mar dizze ôfwiking fan de keningsroede wie hiel gewoan, der wiene wol grutter ferskillen, fan 3-14 (Oentsjerk, in feanroede) oant 4.736 (û. o. Langwar 16 houtfoeten, in feanroede). Al dizze wiisheid komt út it boekje *Van Swindens vergelykingstafels van Lengtematen en Landmaten*, okkerjiers op 'e nij útjûn troch R. Rentenaar.

Ek kaam der in reaksje fan notaris De Boer fan Damwâld en wol wat de oerflaktemaat lepsen oangiet. Yn it boekje *Verkopingsbedingen voor de Veilingen van onroerend goed*, op side 42 efteryn stiet: Aantekening over de landmaat. Hjirút: koningsroede (12 voet)² 3.91278 m². 1400 koningsroede – 1 myle of 1 uur gaans. Mar ek lepsen = 13 1/3 vierkante koningsroede. Dat liket hiel oars as myn gerekken yn de Kollumerkrante, mar it komt wol op itselde del. Ynstee fan 20 lepsen yn in pûnsmiet te dwaan, lykas yn Wâlterswâld, docht men der blykber 18 yn (lykas yn Damwâld mei de 14-foetsroede dien waard). Mar wy komme op beide manieren op 240 kante keningsroeden, want

18 x 3 1/3 is likefolle as 20 x 12, nammentlik 240. Mooglik dat se op 'e Geast sa rekkene ha. Yn it notarisseeboekje stiet noch wol wat mear, mar wy litte it der sa mar by.

It hat sa stadichoan wol bliken dien, dat it ynfieren fan it metrike stelsel yn de Frânske tiid in grutte foarútgong west hat, want it wie in grutte gribus. In inkeld foarbyld. Waling Dykstra hat it yn syn *Uit Friesland's volksleven* oer 'Harddraven bij ons op het dorp' en fertelt dat dêr in baan útset wurdt fan 80 m., dat moat fansels 80 roede wêze, mar dan witte jo einliks noch neat, want 'bij ons op het dorp' (Holwert) hiene se trije soarten fan roeden, ien fan 3.388 m., ien fan 4.144 m. en ien fan 4.514 m. Waling-om sil wol tocht ha, lit ik der mar meters fan meitsje.

De keningsroede wie dan wol ta standertroede ferklearre, mar net omdat er troch de oerheid yn 't offisjele ferkear altyd brûkt wie, want dy brûkte nochal ris de houtfoet, dy't heart by de roede fan 4.13 m. Foarbyldsje út it *Charterboek*. Plakkaat fan steedhâlder en Dep. Steaten fan 31 des. 1663 (doe't de standertroede al 100 jier op it stedhûs yn Ljouwert lei): 'voorts ordonneren wy ... dat gheen Hincxten in dese Provintie tot het bespringen van Merrien sullen moghen worden gehouden ende gebruyckt, die jonger syn als driejarighe' en 'dat de Deckhinxten hoogh sullen syn vyff houtvoeten ende vier duym, te meten met het leggen van een ry op het schoft, ende dat op het waterpas van de grond recht neer'. Dat is in maat fan 1.58 m. en dat koe wolris eksakt deselde mjitte wêze as fan hjoeddedei.

Dan noch efkes dit. De roede fan 4.095 dy't Post neamt, ek wol de Grinzer roede neamd neffens him, koe wolris ôflaat wêze fan de lânmmjitte gers. In gers is 0.4017 ha. = 240 Grinzer roeden². In roede komt dan op 4.091 m.³⁰

30 Earder fierhinne gelyk publisearre as: Soenen der noch lânroeden wêze?, *Ut de smidte* 17 (1983) 2: 12.

Legere skoallen fan foar 1800

Dat yn de Midsiuwen ek yn Fryslân skoallen op doarpen wienen, is gjin nijs, mar nijs is wol dat it sa'n soad west hawwe moatte. Echt âlde boarnen binne der amper. It measte moat út tsjerke-argiven komme, en dy binne der fan foar de santjinde iuw net folle.³¹

Dochs is it grutte tal skoallen yn de Midsiuwen wol te beredenearen. Ek al is dan it bestean fan mar inkelen oerlevere, har iere foarkommen en har sprieding oer in grut part fan de provinsje kin net oars útlein wurde as dat seker al yn de fyftjinde iuw Fryslân besiedde west hat mei legere skoallen. It giet dan om Hommerts (1429), Langwar (1429), Nijlân (1475), Boerum (1475) en Nes (1486). Dat giet dan om op Nijlân nei ek gjin grutte doarpen. Der is dêrom gjin reden om ek al yn de fjirtjinde iuw en sels de trettjinde gewoane doarpsskoallen yn gruttere doarpen net foar normaal te hâlden.³²

31 As gjin boarne neamd wurdt, steane de folgjende opjeften yn (Peter van der Meer (ed.)), *Schoolmeesters in Friesland* fan H. Sannes (digitaal)). By de oaren wurdt de boarne ferkoart oanhelle en dat binne: BB = *De Beneficiaalboeken van Friesland* (2013; ed. P.L.G. van der Meer en J.A. Mol); Bk = *It Beaken*; Bo = Resesboeken Boalsert E1, Tresoar; Boot = J.C.G. Boot, *De historii gymnasii Leovardiensis ab origine ad haec tempora* (1854); DTB = Doop-, trou- en begraffenisregisters, Tresoar; FVA = *Friesche Volksalmanak* 1885; Fr C = *Frisia Catholica*; GS = Argyf Deputearre Steaten, Tresoar; Ha = Weesboeken Harns P1, Tresoar; He = Proklamaasjeboek Hinnaarderadiel K4, Tresoar; NH = Argyf Nederlânsk herfoarme tsjerke, Tresoar; OFO = P. Sipma/ O. Vries, *Oudfries(ch)e oorkonden I-IV* (1927-1977); Oosterhout = M. Oosterhout, *Snitser recesboeken 1490-1517* (1960); Pers = *Registers fan de personele ymposysje út 1578* (1993, ed. P.L.G. van der Meer); Post = R.R. Post, *Scholen en onderwijs in Nederland gedurende de Middeleeuwen* (1954); Rei = J. Reitsma, *Register van geestelijke opkomsten van Oostergoo* (1888); Rent = Rintmasterstrekkens, Tresoar; Roo = (R.S. Roorda), *Eat oer de skoallen yn Fryslân foar en om 1600* (s.j.); RvA = *Register van den aanbreng van 1511 en verdere stukken tot de floreenbelasting betrekkelijk* (s.j.); Wadman = A.S. Wadman, *Schola Alvinii. Lotgevallen van de latijnse school en het gymnasium te Sneek* (1958).

32 Rolf H. Bremmer Jr, *Hir is eskriven. Lezen en schrijven in de Friese landen rond 1300* (2004) 54.



Fuort oan 't tsjerkhôf te Boazum steane noch altyd links skoalle en skoalhûs fan 1612 en rjochts de skoalle fan 1794.

Dat wol net sizze, dat der gjin ûnderskie wie. Yn it neikommende oersjoch fan doarpen (en ek stêden) mei in legere skoalle fan foar 1800 ha ik se yndield yn trije perioaden: Midsiuwen, sechstjinde en santjinde iuw, en achttjinde iuw, en dêr docht út bliken dat foar 1700 yn de Súdeasthoeke noch net folle plakken ien hienen. Dêr is sels fan doarpen as Appelskea (1709), Bakkefean (1746), Boyl (1708), Haulerwyk (1799), Steggerda (1732) en De Westerein (1740) gjin âlder bestean fan in skoalle bekend as út de achttjinde iuw.

No binne dat lykwols meast jonge ûntginningsdoarpen. It ferskil is dan ek mar skyn. Op de âlde sângrûn binne ek yn de sechstjinde en santjinde iuw skoallen al regel. Ik neam Aldegea (1649), Aldeholtpea (1671), Aldtsjerk (1511), Aldwâld (1580), Blesdike (1675), Burgum (1581), Bûtenpost (1581), Damwâld (1581), Donkerbroek (1668), Drachten Noard (1658) en Súd (1581), Driezum (1603), Droegeham (1581), Duerswâld (1683), Eastemar

(1580), Easterwâlde (1643), Feanwâlden (1621), Garyp (1581), De Gerdyk (1663), Gytsjerk (1580), Hurdegaryp (1597), Ikkerwâld (1543), Jistrum (1608), Koartehimmen (1622), Koartsweagen (1666), Kollum (1562), Kollumersweach (1580), Lippenhuzen (1597), Lytsewâld 1615), Makkingea (1659), Nijegea (1649), Nijeholtpea (1640), Noardwâlde (1664), Oentsjerk (1580), Oerterp (1673), Readtsjerk (1580), Rinsumageast (1527), Ryptsjerk (1617), Sigerswâld (1678), Sonnegea (1648), Stynsgea (1511), Surhuzum (1543), Teridzert (1676), Terwispel (1639), Tytsjerk (1581), Twizel (1580), Westergeast (1576) en Wolvegea (1637). Wol is it sa, dat de skoallen op de klaai tichter siedde binne. Dêr wie de grûn fruchtberder en koe in doarp mei minder lân ta.

Midsiuwen

Boerum 1475, Hommerts 1429, Langwar 1429, Nes (NEF) 1486, Nijlân 1475 OFO IV, Snits 1400 (Wadman), Starum 1401 (Roo), Warkum 1399 (Post).

Sechstjinde en santjinde iuw

Aldeboarn 1618, Aldegea (DFM) 1619, Aldegea (Sm.) 1581, Aldegea (SWF) 1649, Aldehaske 1591, Aldehoarne 1691, Aldeholtpea 1671, Aldelamer 1649, Aldemardum 1679, Aldeouwer 1620, Aldetrine 1668, Aldskoat 1580, Aldtsjerk 1511 RvA I, Aldwâld 1580, Allingawier 1697, Arum 1595, Baaium 1597, Baard 1583, Balk 1591, Ballum 1635, Bears 1623, Benedenknipe 1635, Berltsum 1592, Bitgum 1600, Blesdike 1675, Blessum 1589, Blije 1540, Boalsert 1551 Bo E, Boarnburgum 1581, Boarnwert 1681, Boazum 1518 OFO III, Boer 1643, Boksum 1601, Boppeknipe 1637, Brantgum 1543 BB, Britsum 1563, Britswert 1573 He K, Broek 1618 DFM, Burchwert 1628, Burdaard 1647, Burgum 1581, Bûtenpost 1581, Damwâld 1581, Dearsum 1578 Pers, Dedzjum 1611, Deinum 1565, Doanjum 1580, Donkerbroek 1668, Drachten Noard 1658, Drachten Súd 1581, Driezum 1603, Drylts 1543, Droegeham 1581, Dronryp 1543 BB, Duerswâld